

De bydragen yn dit nûmer binne fan:

Kees Draaisma (1944) wurke fan 1965 ôf by in finansjele ynstelling yn Amsterdam, wienet sûnt 1974 yn Heiloo. De ûnderwerpen dy't er as ûndersiker by de ein hat, hawwe gauris in relaasje mei de krite dêr't er yn opwoeksen is. Sa publisearre er û.o.: *Bar avontuur* (1991), oer de fiskerij op herring, tong, skol en ansjofisk bylâns de kust fan Barradiel; *Villa de wanhoop* (1997), oer de skiednis fan in dykshúske út 1746 by Roptasyl; *Geschiedenis van Roptazijl* (2010) en *De Stienen Man die kiekt 't an* (2015), in 'koarte populêre ferzje' oer Caspar de Robles. Yn *It Beaken* 79 (2017) nûmer 1/2 waard syn artikel *Een nieuwe kijk op Caspars dijk* publisearre.

Eric Hoekstra (1960) studearre Ingelsk en Algemiene Taalwittenskip oan 'e Ryksuniversiteit Grins. Hy promovearre yn 1991 oan dyselde universiteit op it proefskrift *Licensing conditions on Phrase Structure*. Hoekstra wie ferbûn oan it Meertens Ynstitút yn Amsterdam en is sûnt 1999 as taalkundich ûndersiker yn tsjinst fan 'e Fryske Akademy. Dêrnjonken hat er wurke as literêr kritikus, skriuwer en oersetter. Is tsjintwurdich Bibelstudint en, tegearre mei Reinier Salverda, koördinator fan it Frysk Literêr Netwurk.

Goffe Jensma (1956) is histoarikus. Fan 2001 oant 2008 wie er as wittenskiplik ûndersiker Fryske kultuerskiednis en letterkunde (tiidrek 1500-1900) ferbûn oan 'e Fryske Akademy en dêrnjonken, fan 2006 oant 2008, bysûnder heechlearaar Fryske taal- en letterkunde oan 'e Universiteit fan Amsterdam. Sûnt 2008 is er heechlearaar Fryske taal- en letterkunde oan 'e Ryksuniversiteit Grins.

Jelte Olthof (1983) studearre skiednis oan 'e Ryksuniversiteit Grins en promovearre op in proefskrift oer de politike retoryk yn 'e debatten oer de Amerikaanske grûnwet (1787). Sûnt 2012 is er ferbûn oan 'e fakgroep Amerikanistiek fan 'e Ryksuniversiteit Grins. Oant in skoftsje lyn wurke er by de Fryske Akademy as postdok oan in projekt oer de politike retoryk fan Fryske Bataven. Sûnt 2016 is er redakteur fan *It Beaken*.

Oebele Vries (1947) is histoarikus. Oant 2012 wie er ferbûn oan 'e Ryksuniversiteit Grins as wittenskiplik meiwurker by it Frysk Ynstitút / universitêr dosint by de Oplieding Fryske Taal en Kultuer. Tsjintwurdich is er gastûndersiker by de Fryske Akademy.

(Basearre op fan 'e auteurs sels oanlevere ynformaasje.)



